


Fryske Tsjinst
snein 26 april 2026 11.00 oere
De Hege Stins, Eastermar

Foargonger: ds. A. Elverdink
Alderling fan tsjinst: Jellie Hospes
Pianist: Joop Lameris
Beamer: Michel en Wytske
Kollekte: Missionair Werk: kliederkerk
Thema: Doar in Daniël te wêzen



Wolkom en Meidielings

Psalm 30: 2, 4, 5 "O folk dat op Gods geunst betrou"

2. O folk dat op Gods geunst betrou,
sjong Him dy't deaden libben jout.
Makket syn grime ien eachwink bang,
syn goedens draacht ús libbenslang.
As op 'e jûn fertriet benachtet,
wit dan dat moarns wer blydskip wachtet.

4. Ynmoedich gong ik yn 'e pleit
en smeke om jo barmhertichheid:

• Us Help en Groet

Wetslêzing, I Timotheus 6: 7 – 12a; 17 – 19

7Wy hawwe neat meinommen doe't wy op 'e wrâld kamen, en wy kinne der as wy derút geane, ek neat út meinimme. 8Mar as wy iten en klean hawwe, moat ús dat genôch wêze. 9Mar dy't ryk wurde wolle, reitsje yn gefaar fan sûnde en yn 'e strûp en yn gâns dwaze en skealike begearten, dy't de minsken fersinke litte yn ferdjer en ûndergong. 10Want de woartel fan alle kwea is de jildsucht.

17Sis tsjin 'e minsken dy't ryk binne yn 'e tsjintwurdige wrâld, dat se net grutsk wêze moatte en har hope net sette moatte op 'e ûnwisse rykdom, mar op God, dy't ús alles yn oerfloed jout om derfan te genietsjen. 18Sis har dat se goeddwaan moatte, ryk wêze yn goede deden, goederjousk wêze en ree om mei oaren te partsjen. 19Sadwaande sille se in skat achterút lizze as in goed fûns foar de takomst, om it wiere libben te winnen.

'Stiicht út it grêf in liet fan lof,
in gloarjesang út moude en stof?
As ik it mei de dea betelje,
wat winst kinn' Jo dêr, Hear, út helje?'

5. Jo hawwe myn gebed ferstien,
Jo ha my wûndere dingen dien:
Myn rouklacht waard yn raaidûns wei,
ik gean yn feestklean troch de dei.
Hoe soe ik swije fan jo eare?
Ivich binn' Jo myn God, myn Heare!

Psalm 119: 4, 15 "Te loovjen binne Jo, myn God"

4. Te loovjen binne Jo, myn God, och lear
my jo bedoeling aloan klear te witten.
Nei jo gebod te libjen is my mear
as skatten jild en rykdom te besitten.
'k Wol jo befel oertinke, och help my, Hear,
by al myn freugd' jo wurd net te ferjitten.

15. Wat bin ik ryk, de Heare is myn diel;
dêrom ha'k sein, ik soe jo wurden achtsje.
Jo geunst dy sykje ik, Hear, mei hert en siel.
Jo witte sels hoe't ik jo heil ferwachtsje.
'k Oertink myn wei, want ik begear alhiel
jo wil te dwaan, ik wol jo wet betrachtsje

- **Gebed**
- **Ferhaal oer in hynstebloom**

"Heit no't wy fuortgean"

28 Heit no't wy fuortgean

The image shows a musical score for the hymn "Heit no't wy fuortgean". It consists of seven staves of music in G major (one sharp) and 3/4 time. The lyrics are written below the notes. The melody is simple and hymn-like, with a final cadence on the last staff.

Heit, no't wy fuort - gean,
jou ús ljocht fan bop - pen.
Wy binn' jo lea - ve bern,
by ús nam - me rop - pen.
Woll' Jo no mei ús gean,
al - tyd by en neist ús stean.
A - men, ja a - men.

tekst dichter ûnbekend – 'Heit, nou't wy fuortgean'
beärbieding Jant van der Weg en Liuwe H. Westra
meldij Friedrich Ferdinand Flemming – 'Integer vitae'

- **De bern geane nei de bernetsjerke**

Lêze Daniel 6: 4 – 12; 17 – 24

4It die dêrop bliken, dat dy Daniël de waarnimmers en de lânfâden fier oer koe, om't der in tige
geast yn him stiek. Dat sadwaande wie de kening sterk fan doel him in plak oer it hiele keninkryk
ta te skikken. 5Doe wienen de waarnimmers en de lânfâden derop út, oft se Daniël ek swart
meitsje koenen oer syn bestjoer. Mar it woe har net slagje om in oanklacht, oer wat foar ferkeards
ek mar, foarinoar te krijen. Dat lei yn 'e reden, om't men op him oan koe. Gjinn grisseltsje
sleauwens of ferkeardens koenen se by him fine. 6Dêrop seinen dy lju: Wy sille perfoarst gjinn grûn

foar in oanklacht tsjin dy Daniël fine kinne, of wy moatte wat tsjin him sykje yn wat syn God him foarskreaun hat.

7Dêrmei kamen dan de niisneamde waarnimmers en lânfâden mei in heap drokte by de kening oansetten. Sa sprieken se Darius oan: O kening, libje foar altiten! 8Wy hawwe ienriedich mei-inoar rieplachte, dat is te sizzen de waarnimmers fan it keninkryk, de steedhâlders, de lânfâden, de riedjouwers en de militaire machthawwers allegearre, oer it opstellen fan in keninklik beslút en it ynstellen fan in strang ferbod: Alleman dy't oer in tiidrek fan tritich dagen in fersyk docht oan wat god of minske ek, útsein oan jo, o kening, dy moat yn 'e liuwekûle smiten wurde. 9No dan, kening, soenen jo ek sa'n ferbod opstelle en beskriuwe wolle, dat net feroare wurde mei? Sa is it ommers neffens it rjocht fan Medië en Perzië, dat net ferfalle kin. 10Fangefolgen joech kening Darius sok in skriftlik ferbod út.

11Doe't Daniël kunde krige oan it offisjele skriuwen, gong er yn 'e hûs. No hied er yn 'e boppekeamer iepen finsters dy't útseagen de kant op fan Jeruzalem. Dêr joech er him trije kear deis op 'e knibbels del om syn gebed te dwaan en syn lof te uterjen foar syn God. Sa hie syn wizânsje altyd al west. 12Dêrop strûsden dy manlju dêr mei faasje op los en jawol: se fûnen Daniël yn gebed en smekjen foar syn God.

17Op slach hiet de kening doe, se soenen Daniël helje en him yn 'e liuwekûle smite. De kening naam it wurd en sei tsjin Daniël: Mei dyn God, dysto sa stânfêst ferearest, dy rêde! 18Doe waard in stien ophelle en op 'e iepening set. De kening fersegele dy mei syn segelring en dy fan syn hege hearen. Dat betsjutte dat der neat oan feroare wurde mocht. 19Doe gong de kening nei syn paleis ta. Hy brocht de nacht te'n ein sûnder in flaubyt en liet him likemin ferdivedaasje besorgje. De sliep wied er bjuster.

20Ier-en-betiid, by it lemieren fan 'e dei, joech de kening him oerein – it waard al wat ljocht – en gong yn tûzen hasten nei de liuwekûle ta. 21Wylst er op 'e kûle takaam, rôp er Daniël mei in drôvich lûd. De kening naam it wurd en spriek Daniël oan: Daniël, do tsjinstfeint fan 'e libbene God, hat dyn God, dysto sa stânfêst ferearest, dy fan 'e liuwen rêde kinnen?

22Dêrop begûn Daniël mei de kening te praten: O kening, libje foar altiten! 23Myn God hat syn ingel stjoerd en de bek fan 'e liuwen ticht dien, dat se my net sear dwaan koenen, om't bliken dien hat dat ik suver foar Him bin. En ek foar jo oer, o kening, haw ik gjin kwea dien. 24Op datselde stuit wie de kening tige bliid om him en hy hiet om Daniël út 'e kûle nei boppen ta te bringen. Doe waard Daniël út 'e kûle omheech helle en gjin skamperke skea wie der oan him te finen. Dat kaam om 't er op syn God betroud hie.

Lieteboek 885 "Grut is jo trou, o Hear"

1. Grut is jo trou, o Hear, Heit yn 'e himel; der is gjin skyn fan feroaring by Jo.

Lyk as Jo wiene yn leafde en begrutsjen, sa sill' Jo bliuwe en binne Jo no.

Refrein:

Grut is jo trou, o Hear, grut is jo trou o Hear, en jo genede is elke moarn nij.

Jo hân hat soarge foar al wat ik brek wie; grut is jo trou, o Hear, altyd foar my.

2 Sûndeferjouwing en libbensfernijing jouwe my blydskip en frede yn 't hert, krêft om te striden en moed foar de takomst, seine foar my en foar wa't by Jo heart.

Refrein

Preek: *Dare to be a Daniël;*

*Doar in Daniël te wêzen of Confess te be a Darius;
jou mar ta datst in Darius bist*

Lieteboek 643: 1, 2, 4, 5, 6, 9 "Sjong foar de Hear, hy seach ús oan"

1. Sjong foar de Hear! Hy seach ús oan,
joech oan 'e nacht in dage,
't wurd dat in minske waard, Gods soan,
woe al ús lêsten drage.

2. Djip yn 'e tsjustere ierde lei
't lichem fan Him, ús Heare,
om as it wurd fan ivichheid
libben werom te kearen.

4. Sion, yn 't djipste sielsfertriet,
hat inkeld suchte en klage,
en yn har hûs klonk leed foar liet,
waarden ta nacht de dagen.

5. Sjong foar de Hear, want Hy is trou.
Mocht ek ús hope sliepe,
dan teare oan toarnen fan 'e rou
laitsjend de roazen iepen.

6. 't Wurd wie ús yn 'e mûle stoarn,
't lei yn 'e dea bedutsen,
Godlof, de Geast kaam yn 'e moarn,
't rotsgrêf waard iepenbrutsen.

9. Jubelje! Dy't yn de jerde lei,
sit op 'e troan yn eare.
Jubelje dan, want elke dei
klinkt ús syn wurd yn de earen.

- **Tankjen en Bidden**

Kollekte: Missionair werk Nederland, Kliederkerk

Samen met kinderen én volwassenen ontdekken, vieren en eten. Samen in het voetspoor van Jezus leren gaan. Kliederkerk is volop kerk, maar dan anders. Het is een levendige en open manier van kerk-zijn waar jong en oud, gelovig of niet-gelovig, samenkomen.

Slotliet, Lieteboek 939 "By Jo, myn Hear, ha 'k hope fûn"

1. By Jo, myn Hear, ha 'k hope fûn
Jo binn' myn krêft, myn liet, myn ljocht,
myn fûnemint, myn fêste grûn,
Jo hawwe my yn 't tsjuster socht.
Myn eangst is oer, myn drift is gien,
jo fredewurd haw ik ferstien.
Ik wifkje net, mar fyn myn rêst,
yn Kristus' leafde stean ik fêst.

2. Jo waarden minske en kamen del
yn al ús pine en striderij,
ferlosten ús fan dea en hel
en makken fan de skuld ús frij.

Jo sloegen al ús kwea oan 't krús
en bringe ús by de Heit wer thús.
Ja, troch jo krêft, jo kostber bloed,
is 't tusken God en ús wer goed.

3. Ik libje_yn Jo en Jo yn my,
sa hat it west sûnt myn begjin.
Der is gjin macht sa grut dat hy
my fan jo leafde skiede kin.
Jo hawwe it wûn en hearskje no,
ik bin foargoed in bern fan Jo.
Ik hear jo rop wêr't ik mar gear,
Jo binne it doel fan myn bestean.

- **Segen**

It Wilhelmus, Lieteboek 708: 1, 6

Wilhelmus van Nassouwe
ben ik, van Duitsen bloed,
den vaderland getrouwe
blijf ik tot in den dood.
Een Prinse van Oranje
ben ik, vrij, onverveerd,
den Koning van Hispanje
heb ik altijd geëerd.

Mijn schild ende betrouwen
zijt Gij, o God mijn Heer,
op U zo wil ik bouwen,
Verlaat mij nimmermeer.
Dat ik doch vroom mag blijven,
uw dienaar t'aller stond,
de tirannie verdrijven
die mij mijn hart doorwondt.

Kommende tsjinsten:

3/5/26: 9.30 ûre: afscheids- en bevestigingsdienst: ds. G. Timmer

10/5/26: 10 ûre Kliederkerk: Thema: waar je schat is, is ook je hart

